

De befriijing

© Geertruida van Assen

De katten sitte allegear flak by Katja. It lytse bistke is ûnderweis nei de strûken. Algau is er net mear te sjen. It wachtsjen kin begjinne. Soe it slagje? Binne de tosken fan de Felidae-mûs sterk genôch om in slot stikken te knagen? Litte de hûnen in mûs rinne? En as it slagget wat docht Prinses dan? Dy wit fansels net dat de mûs eins in frou is, en ek noch wol har eigen.

It duorret aaklik lang. Mei muoite kin Katja har ynhâlde om frou Felidae te roppen. Tommy keutelet senuweftich tusken har fuotten troch. Pippi hat in nije klaupeal fûn. "Hâld op do!" ropt Katja liik wylst se har oer de seare skonken wriuwt. De twa bange blauwe eagen fan Nouschka sjogge fan Katja nei it hek. In grize skim slûpt nei it hek: it is Wispel. De giele eagen fan Mikkie sjogge it mei noed oan. Allinnich Mores makket him nergens drok oer: hy leit, sa as altyd, lekker te sliepen.

Ynienen begjinne de hûnen lûd te blaffen. Wispel sit boppe op it hek. Doch dat no net, wol Katja roppe, mar dan sjocht se dat de hûnen de oare kant útrinne. Se hawwe Wispel net iens sjoen. It is in oare kat dêr't se it op fersjoen hawwe. In ljochtbrune kat: Prinses. De kat rint hiel hurd nei de iepensteande doar fan in lyts hokje. Krekt op 'e tiid draaft se deryn. De earste hûn batst by de doar op. De doar falt ticht. De oare hûn springt no ek by de doar op. Tegearre meitsje se sa'n leven dat de doar fan it lytse húske iepenfljocht. De hûneman draaft mei syn klepperjende klompen op de bisten ta.

As er by de lawaaiskoppers is kriget hy har by de halsbannen. "Wat mankearret jim", raast er liik. Fuortendaliks is it stil. De man prottelt noch wat, mar Katja kin it net ferstean. En it kin har ek neat skille, se tinkt oan de mûs, wêr is de Felidae-mês? Triljend krûpt se wei tusken de strûken. De man heart se net mear, de hûnen ek net.

"Ast nochris wat witst!" seit ien fan de strûken. Katja skrikt derfan. De strûk praat as frou Felidae, mar dat kin net. De mûs kin net fansels in strûk wurde, dat kin allinne as Katja in spreuk sein hat en dat ... "Myn eigen Prinses hie my hast opfretten", giet it fierder. No sjocht Katja ek it bistke dy't de wurden seit. "Frou Felidae", ropt se bliid. "Dat soe ik graach wolle," pipet it bistke, "no fuortendaliks mar."

Der stiet neat yn it grutte boek, of eins in hiele soad, mar net hoe't frou Felidae wer harsels wurde kin. Suchtsjend slacht Katja it boek ticht, mar fuort docht se it ek wer iepen. Se seach dochs wat. Der stie wat yn. In plaatsje. In idee. Fluch siket se it op, wêr stie it no. "Ja dêre." "Do makkest my wer gewoan", ropt de mûs optein. Mar Katja skoddet mei har holle. "Noch net frou Felidae, ik wit wat betteres. Ik bin der wis fan dat dit slagje sil." De mûs akselet net iens tsjin. "Silst diskear gjin kattefretten fan my meitsje?" flústeret it bistke allinne mar.

It boek leit foar Katja yn it gers. Se lêst de spreuk goed troch. It mei net ferkeard gean. De mûs stiet hiel stil ûnder de strûkjes. De katten stean yn in rûnte om har hinne. Sels Mores stiet derby. Hy besiket net iens de Felidae-mûs te fangen. "Ik begjin", seit Katja sêft. "E-kuus ka-bal-lus", ropt se trije kear efterinoar, draait trije kear yn it rûn en wiist nei de lytse mûs. Even bart der neat, mar dan ...

In lûd gekreak en geprottel jout oan dat der wat feroaret. "Fergemy, hiest no net even sizze kinnen dat ik sa grut wurde soe?" It hynder stapt ûnder de stikkene strûken wei. In pear tûken bliuwe op 'e rêch lizzen. As it Felidae-hynder mear romte hat skoddet se de tûken fan

har ôf. Mores eagen rûgelje him hast út de kop. Hy draaft hurd fuort, allinnich, de oare katten bliuwe sitten. "En wat wie dyn idee eins?" wol it hynder no witte.

Katja sit op `e rêch fan it hynder. It hynder nimt in grutte oanrin en springt. Hiel maklik komt it oer it hege hek hinne. De hûnen blaffe net iens. Mei grutte ferskrikte eagen sjogge se nei it wûnder dat oer har hinnefljocht. It Felidae-hynder draaft troch nei it lytse hokje. "Dit giet machtich, as ik net leaver mysels wurde woe, woe `k wol hynder wêze." Katja lit har op de grûn gliidzje as it hynder foar it hokje stean bliuwt. Der sit in gat yn `e doar, dêr moat it slot sitten hawwe. Frjemd dat dy hûneman dat net sjoen hat, mar ek lokkich dat er it net sjoen hat. Katja lûkt de doar iepen. In pear gleone eagen ljochtsje op yn in hoekje. "Prinses", flûsteret Katja. De gleone eagen komme tichterby.

De ljochtbrune kat dy't derby heart lit har optille. Se blaast net en klaut ek net. Mei de kat op de earm klautert Katja wer op de rêch fan it Felidae-hynder. It falt net ta, mei ien hân, mar it slagget úteinlik dochs. As Katja teplak sit draaft it hynder werom nei it hek. De hûnen stean der noch. It Felidae-hynder springt wer oer har hinne, dan pas begjinne se te blaffen. As de lilke hûneman by it hek komt is it Felidae-hynder al fier fuort.